

Der is mij frege at ik in wurdje halde wol om dermei it buffet te iepenjen.

Yn Septimber 1919 wurdt yn Ferwâlde it earste doarpsfeest organisearre troch de oranje vereniging. No 100 jier letter wurd der nog steeds in doarpsfeest halden, maar no organisearre troch doarpsbelang. fanof 1975 is de namme namelijk feroare fan oranje vereniging nei "vereniging voor dorpsbelang".

Dat we as 'feriening foar doarpsbelang' 100 jier besteane komt net wer foar, dus dat wolle we graag mei it doarp fiere.

Der is in kommisje yn it libben roppen. 100 jier doarpsbelang. Besteande ut: Tjeerd Stellingwerf, Jelle Attema, Jelle Klaas de Boer, Iep de Jong en Anke Zonderland en fanut doarpsbelang sit Harmke Haanstra ek ien de kommisje.

Ik wol hjirbij alfest de kommisje bedanke foar hun ynset fan dit bysûndere jier.

### **Efkes in applaus foar de kommisje!**

Wij hawwe hun freege om ferskeidene kearen yn dit jier wat te organisearren. Earst wie der de pubquizz dernei kwam de kuierjoen, hjoed hiene we de bedriuwendei en der sil nog wat organisearre wurde, mar dat mei de kommisje sels fertelle.

At je san jier yn geane, dan tinke je wolris, wat is der no yn die leste 100 jier allegear feroare yn Ferwalde.

No:

Fan gjin elektrisch nei it sels opwekken fan stroom.

Fan it piipsmoken en prûmtabak nei it sûgen oan in ballon mei gniisgas

Fan gjin tillefoan nei ferskeidene appgroepen yn it doarp.

Fan wettermûne nei wynmûne

Fan 30 molkfeeboeren nei 9.

(Fan de 30 boeren melkten der doe 7 mei in machine. No hat de helte in robot.)

Fan molkefaarders, nei tankchauffeurs

Fan in taxichauffeur ien de bourren, nei elkenien in auto yn de bourren.

Fan 356 ynwenners yn 1919, nei ungefear 260 yn 2019.

Fan in bakker mei in winkel, nei bole ut in karre.

Fan in Durk Bakker yn de bourren, nei in Poiesz of Aldi bij de burenen.

En fan in legere skoalle mei 25 bern, nei in peuteropvang mei ungefear 50 bern.

Foar de rest wienen der nog de ferieningen fan doe. Foutbal feriening Be Quick. Die fottballe op it strân. In muziekkorps, in famkes,- en jongens feriening. Doe sieten de jongens en famkes nog apart fan elkoar. No sitte de jongens en famkes op de freedtemiddei club bij inoar. En der binne de ferieningen die der doe en no wiene, nim bijgelyks de toanielferiening en de sang en nog ferskeidene oare ferieningen. Ik ha se ris telt, maar Ferwâlde telt der no sa'n 13

De âldste fan Ferwâlde bestiet nog steeds en dat is de begraffenisferiening. Disse is oprjochte yn 1904.

Wat wol altyd gelyk bleaun is yn de leste 100 jier is de belutsenens mei inoar, de libbenheid fan alle ferieningen en de ynset fan alle doarpsbewenners as frijwilliger op wat fan gebied dan ek. Ik hoopje dat dit ek nog ferskeidene 100 jierren sa weze mei.

Ik breidsje der no in ein oan, want it iten kin net 100 jier dourje.

It iten is us oanbean troch doarpsbelang dy't dat betellet mei de sinten fanut it undernimmersfûns fan Ferwalde.

It undernimmersfûns wurdt mooglik makke troch de undernimmers fan Ferwalde. Bedankt.

Ek wolle wij as doarpsbelang de undernimmers bedanke foar hjoed, dat se de mooglikheid joent hawwe om ris bij hun binnen te sjen, leuk om te sjen wat se dogge en hoe't se it dogge.

### **Applaus foar de undernimmers!!**

Dat Ferwâlde ik al hast 100 jier mei Gaast tegearre wurket blykt no ik wol wer. It iten komt bij Johannes Hoekstra wei.

Dan no graag in moment stilte.